

Op 'e Harkemaster toer.

“Wy moatte tegearre oars mar even boppe op 'e toer sjen” sei de baas ûnder it bakje kofje.

“De steiger is juster opboud, dat wy kinne it no wat better besjen. Ferline hjerst binne der leien ôfwaaid mei die swiere stoarm, en sadwaande lekt it no ek nei binnen yn de toer. En de ferve is der ek skjûn ôf en sa te sjen binne de planken ferrotte. It sink sit der tink ik wol tritich jier yn, en dan is it grif oanein. Twa sjogge wat mear as ien, en dan kinne wy tagelyk it materiaal opnimme.”

Ik hie wol sjoen, dat de tsjerketoer yn 'e steigers setten wie, en dit like my wol wat. Sa'n kâns krije je net faak om it doarp fan boppe te besjen.

En sa stienen we efkes letter by de koster oan de efterdoar. “Ik kom er oan,” rôp er en slofte troch de lange gong op ús ta. In de loop pakte hy in sleutelbosk fan de heak. “Even de saak opnimme tink?” Hy swaaide de grutte doarren fan 'e tsjerke iepen, en gong ús foar by de trep op nei de kreaake. Dêr hienen je it oargel en ek in doar nei de toer. Hy makke de doar los en wiisde nei boppe: “Jimme kinne fan binnen út, troch de toer nei boppe, trije ljedders op, en dan sit oan de efterkant, de kant fan 'e tsjerke, in lûk om by de goaten te kommen.”

“Gjin do mar foarop “ sei de baas, en ik klattere by de ljedder op. Stiif njonken it oerwurk langs, en fierderop hoeden de izeren stangen lâns, wêr't de wizers mei yn ferbining steane. It tsjokke tou wêr't je de klok mei liede koenen, hong yn it midden fan de toer. Yn it ûnderein, in knoop om wat mear greep te hawwen. Dan in souderke mei de galmgatten. Dat binne dy smelle iepeningen, sa skeef nei ûnderen, wêrtroch it lûd fan it bingeljen fan de klok nei bûten, oer it doarp klinkt. Troch de spleten seach ik del nei de strjitte en oan de efterkant op 't dak fan 'e tsjerke. Dit wie al in hiele hichte, mar wy wienen der noch net. Boppe ús hong de brúnzen klok mei de swiere bingel derûnder. In koart ledderke brocht ús heger en dan moasten je wat bûge en wringe en je tsjin de klok wat ôfsette om der lâns te kommen. De klok skommele hinne en wer. Oan ien kant hong in swiere moker oan in tried mei in katrol. Ik begriep dat dit de hammer wie die yn ferbining stie mei it oerwurk om de tiid op elk oere oan te jaan. It wie in hiele klau, mar wy rekken lang om let op de boppeste souder en koenen troch it lûkje by de goaten op 'e steiger komme.

Ut útsicht wie machtich moai, sa heech boppe it doarp oer alle dakken en beammen hinne. Wy namen eefkes de tiid en ferwûnderen ús. Under ús ried in frachtauto en in de fierte kamen in pear op 'e fyts oan. “Sjoch dêr....de Blauhûssterwei en dêr yn 'e fierte de toer fan Surhuzum...”, sa wiisde ik him oan. “Hm mm, wy binne hjir foar it wurk,” grommele hy en draaide him om nei de toer.

It seach der mâl út, it sink tenein en de goaten en klossen ferrotte. It like de baas it bêste dat ik de timmerman mar wat hantlangje moast. “oars duorret it fierstente lang, en it is no noch knap waar,” In pear dagen letter rekken wy mei ús ark en materiaal nei boppe. It koe fansels net misse dat wy sa no en dan ús efkes oan it tou fan de klok fêsthâlde moasten. En as je dat goed dienen, dan begong de klok te slingerjen en koe it hiele doarp der fan meigenietsje. Wy fûnen ek út, dat je dy swiere moker mei de hân delkomme litte koenen op de râne fan 'e klok. Moarns ier, mei de kofje, dan middeis foar it brochje en oan it ein fan ús wurkdei wie in it doarp te hearren dat dêr minken yn 'e toer sieten. It miste de dûmny ek net en hy woe ek wol ris sjen wat dêr boppe op syn tsjerke barde. It sil om in oer as alve west wêze. Wy wienen drok oan it timmerjen mei de goaten, doe't wy ien roppen hearden: “Zijn jullie daar mannen? Hoe kom ik daar bij jullie?”

Myn maat bûgde him wat troch it lûk. “Binne jo dat dûmny?” Hy hearde it wol, oan it bekende lûd. De dûmny rekke by de ljedders op en knoffele troch it lûkje op 'e steiger. en besocht wat oerein te kommen. Hy seach skruten del nei it dak fan 'e tsjerke, in meter as fiif ûnder him. “Het waait hier behoorlijk....”. En hy die hoeden in pear stapkes oerside wylst hy him stiif fêsthâlde oan de leuning fan de steiger. Om 'e hoeke wie hy besiden de tsjerke mei likernôch mear as fyftjin meter ûnder him it tsjerkepaad. “Stroffelje net oer it ark dûmny, want oars soademiterje jo nei ûnderen.....Jo moatte dêr oan de foarkant wêze,” sei myn maat en triuw dûmny wat yn 'e rêch foarút.

Mar de bêste man seach al neat mear. Hy knypte de eagen stiif ticht, stuitere tsjin de goate en hold him mei beide hannen fêst.

Wy hawwe him wer troch it lûkje holpen en wyt om 'e noas krûpte 'r om de klok hinne en sa by de ljedder del nei ûnderen. Doe't hy krekt mei de holle midden ûnder de klok wie, koe myn maat it net litte. Hy tilde de swiere moker in lyts stikje op...

Oer it doarp galme it lûd fan de klok en direkt der efteroan wurden dy 't je út 'e toer fan in tsjerke net ferwachten...

Wy seagen elkoar oan en myn maat glimke: "Dûmny 's binne ek mar minsken."

Marten Claus

De Harkema